slo / een doordacht curriculum dat doen we *samen*

# Startnotysje Fryske taal en kultuer

AKTUALISAASJE EKSAMENPROGRAMMA'S

# Startnotysje Fryske taal en kultuer

Aktualisaasje eksamenprogramma's

April 2023

slo

een doordacht curriculum
dat doen we *samen*

## Ferantwurding

**2020 SLO, Amersfoort**

Mits de boarne fermeld wurdt, is it tastien sûnder foarôfgeande tastimming fan de útjouwer dizze útjefte yn syn gehiel of foar in part te kopiearjen en/of te fersprieden en om ôflaat materiaal te meitsjen dat op dizze útjefte basearre is.

**Auteur:**
Talita Groenendijk mei meiwurking fan Gerrit Hoekstra
Oersetting: Ans Wallinga

**Ynformaasje**
SLO
Postbus 502, 3800 AM Amersfoort
Telefoan (033) 4840840
Ynternet: www.slo.nl
E-mail: info@slo.nl

# Ynhâldsopjefte


**1. Ynlieding 4**

**2. De hjoeddeistige situaasje en posysje fan it leargebiet 5**
2.1 Tsjintwurdige wetlike kaders 5
2.2 De praktyk op skoallen 6
2.3 Realisearre kurrikulum; de learopbringsten 8

**3. Probleemanalyze 9**
3.1 Ferskillende perspektiven oer wêr't Fryske taal en kultuer yn de boppebou foar stiet 9
3.2 Grutte ferskillen tusken learlingen yn begjinsituaasje en motivaasje 9
3.3 Trochrinnende learline nei boppebou fû ûntbrekt 10
3.4 Disbalâns yn it eksamen Fryske taal en kultuer 10
3.5 Undúdlikens oer de easken oan taalfeardigens 11

**4. Untjouwingen 12**
4.1 Maatskiplike ûntjouwingen 12
4.1.1 Taalsituaasje yn Fryslân 12
4.1.2 Bestjoersakkoart en Taalplan 2030 12
4.1.3 Taal en status 13
4.2 Untjouwingen yn it ûnderwiis en it fak 13
4.2.1 Trije doeldomeinen foar it ûnderwiis 13
4.2.2 Meartaligens as foardiel en boarne foar learen 14
4.2.3 Kurrikulum.frl 14
4.2.4 Untwikkelingen yn de oare taalfakken 15
4.2.5 ERK en Referinsjeramt Frysk (rrF) 15

**5. Kurrikulêre útdagingen 17**

**6. Referinsjes 19**


slo

# 1. Ynlieding

Fan de hjerst fan 2021 ôf ûntwikkelje fakfernijingskommisjes konsepteksamenprogramma's foar in oantal fakken yn de boppebou fan it fuortset ûnderwiis. Startnotysjes binne dêrby in ûnmisber ynstrumint. Sy bringe foar elk fakgebiet de útgongspunten en ûntjouwingen binnen ûnderwiisbelied, ûndersyk, ûnderwiispraktiken en maatskippij yn kaart en lizze sa in solide basis ûnder it ûntwikkelwurk.

Dat jildt ek foar dizze startnotysje, dy't sicht jout op de relevante en aktuele ûntjouwingen foar de bystelling fan it eksamenprogramma Fryske taal en kultuer yn de boppebou fan tmbû, hafû en twû. De startnotysje is skreaun troch SLO. By it ta stân kommen binne eksterne saakkundigen belutsen, sa as learare-oplieders Fryske taal en kultuer, fakeksperts/ûndersikers en (eardere) leararen. De notysje is útwurke yn de neikommende ûnderdielen:

- Tsjintwurdige situaasje en posysje fan it leargebiet
- Probleemanalyze
- Untjouwingen - maatskiplik en binnen it leargebiet
- Kurrikulêre útdagingen

De startnotysje yntegrearret opbringsten en advizen fan it ûntwikkelteam foar Fryske taal en kultuer yn it ramt fan Kurrikulum.frl (Kurrikulum.frl, 2020) en de startnotysje foar de kearndoelen Fryske taal en kultuer (Cedin, 2023). De fakfernijingskommisje Fryske taal en kultuer sil dizze startnotysje brûke as input foar it ûntwikkeljen fan de eksamenprogramma's Fryske taal en kultuer yn de boppebou fan it fuortset ûnderwiis.

# 2. De hjoeddeistige situaasje en posysje fan it leargebiet

Wy jouwe in koart oersjoch fan de tsjintwurdige wetlike kaders, de ûnderwiispraktyk (it kurrikulum sa't dat útfierd waard) en it kurrikulum sa't dat realisearre waard foar Fryske taal en kultuer. Wy beskriuwe dêrby ek hieltyd koart de situaasje yn it primêr ûnderwiis (pû) en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (fû), om't de situaasje yn de boppebou hjirmei anneks is.

## 2.1 Tsjintwurdige wetlike kaders

Sûnt 1980 is Fryske taal en kultuer yn Fryslân in ferplicht fak yn it pû en sûnt 1993 yn de ûnderbou fan it fû. Yn de boppebou fan it fû is it in karfak dat op in beheind tal skoallen oanbean wurdt. Foar Fryske taal en kultuer binne de neikommende wetlike kaders formulearre:

- de kearndoelen foar it pû;
- de kearndoelen foar de ûnderbou fan it fû;
- it eineksamenprogramma tmbû, hafû en twû.

Sûnt 2014 is de provinsje Fryslân ferantwurdlik foar it kurrikulum Fryske taal en kultuer yn it pû en de ûnderbou fan it fû. Yn de ûnderbou fan it fû binne der kearndoelen Fryske taal en kultuer foar alle learlingen (kearndoel 1 - 3) en kearndoelen dy't ûnderskied meitsje tusken twa doelgroepen: learlingen dy't Frysk as twadde taal (of tredde taal) sprekke (kearndoel 4a, 5a, 6a) en learlingen dy't Frysk as memmetaal sprekke (kearndoel 4b, 5b, 6b).
De provinsje Fryslân hat sûnt 2014 it foech ûntheffingen te ferlienen oan skoallen foar bepaalde kearndoelen foar it fak Fryske taal en kultuer. Foar dy kearndoelen hoege skoallen dan net yn it oanbod te foarsjen. Op basis fan harren besteande praktyk en harren skoaleigen taalplan fregen skoallen tydlike ûntheffingen oan. De reden hjirfoar wie faak it beheind tal Fryskpratende learlingen of leararen op de skoalle. De provinsje Fryslân hat de ambysje om yn 2030 alle skoallen oan de kearndoelen foldwaan te litten (Taalplan 2030, sjoch 4.1.2). Alle skoallen soenen dus by steat wêze moatte oanbod te fersoargjen dat past by alle kearndoelen.

Sûnt 1971 kinne learlingen eksamen yn Fryske taal en kultuer dwaan. As de skoalle it fak oanbiedt, kin Fryske taal en kultuer yn it plak komme fan in moderne frjemde taal: foar twû yn it mienskiplike part en hafû as ûnderdiel fan it profyl Kultuer en maatskippij. Fierder kin foar Fryske taal en kultuer keazen wurde as profylkeuzefak (yn profilen K&M en E&M hafû/twû) of as karfak yn it frije part (tmbû, hafû, twû). It eksamenprogramma is yn it koart yn Tabel 1 (www.examenblad.nl) werjûn.

De provinsje fynt it winsklik dat yn de takomst learlingen op alle Fryske fû-skoallen eksamen yn Fryske taal en kultuer dwaan kinne.

Tabel 1: Oersjoch hjoeddestige programma Fryske taal en kultuer.

| **tmbû** | **hafû en twû** |
|---|---|
| • Oriïntaasje op learen en wurkjen<br>• Basisfeardichheden<br>• Learfeardigens foar it fak Frysk<br>• Hark- en sjochfeardigens<br>• Sprek- en petearfeardigens<br>• Lêsfeardigens<br>• Skriuwfeardigens<br>• Fiksje<br>• Krije, ferwurkje en jaan fan ynformaasje<br>• Feardigens yn gearhing<br><br>De lêste twa ûnderdielen jilde allinne foar tmbû-gl en - tl.<br><br>SSE foar tmbû-gl en -tl: learfeardigens en lêsfeardigens. | • Domein A Lêsfeardigens<br>• Domein B Mûnlinge taalfeardigens<br>• Domein C Skriuwfeardigens<br>• Domein D Literatuer<br>• Domein E Fryske taal en kultuer<br>• Domein F Orriïntaasje op stúdzje en berop<br><br>Domeinen A, E, F binne ferplichte, dêrneist kar út twa fan de oare domeinen.<br><br>SSE: domein A<br><br>hafû: 400 stúdzjelêst<br>twû: 480 stúdzjelêst |

## 2.2 De praktyk op skoallen

Foar pû en ûnderbou fû jildt dat skoallen it dreech fine om Fryske taal en kultuer oan te bieden. Op dit stuit freegje noch in protte skoallen (foar in part) ûntheffingen oan. Net mear as 26,6% fan de pû-skoallen en 39,7% fan de fû-skoallen hienen net (foar in part) ûntheffing (Ynspeksje fan it Underwiis, 2019). Problemen by it oanbieden fan Fryske taal en kultuer yn pû en ûnderbou fan it fû binne neffens de Ynspeksje fan it Underwiis it ûntbrekken fan foechhawwende en betûfte dosinten, tekoart oan draachflak by âlden op guon skoallen, ûnfoldwaande prioriteit by bestjoeren of de lokaasje yn in net-Frysktalich gebiet (sa as bygelyks de Waadeilannen). It ôfrûne desennium is der wol in protte bard om Fryske taal en kultuer te stimulearjen, sa as it ûntwikkeljen fan in learlingfolchsysteem en it ûntwikkeljen fan nije lesmetoades en neiskoalling foar leararen, mar nettsjinsteande de ynspannings fan ûnder oare de provinsje bliuwe in soad skoallen (foar in part) ûntheffingen oanfreegjen oangeande de kearndoelen Fryske taal en kultuer.

Op mar in hiel pear fû-skoallen bestiet in trochgeande learline tusken ûnder- en boppebou. In grut tal fû-skoallen beheint it oanbod fan it fak yn de ûnderbou ta de minimale wetlike eask: ien oere yn de wike op it roaster of konsintrearre yn in projektwike. By projekten leit de neidruk faak op Fryske kultuer en is der net folle oandacht foar skriuwfeardigens.

Oare skoallen biede Frysk dêrnei ien of twa jier oan as karfak. Inkele skoallen hawwe in trochrinnende learline oant en mei de boppebou en biede it leargebiet dus ek as eksamenfak oan. Foar de boppebou fan it fû meldt de Ynspeksje fan it Underwiis yn 2010 dat der twa of trije oeren Fryske taal en kultuer yn 'e wike jûn wurdt.

It eksamen Fryske taal en kultuer wurdt op 8 fû-skoallen ôfnaam (Ynspeksje fan it Underwiis, 2019, p.25). Yn guon gefallen binne der op dit mêd gearwurkingen tusken skoallen en kinne learlingen op in oare as de eigen skoalle foar it eksamen Fryske taal en kultuer terjochte. It oantal learlingen dat eineksamen Fryske taal en kultuer docht, is beheind (sjoch Tabel 2). It giet om 2 oant 3 persint fan it totale oantal eksamenkandidaten. Ek op it tmbû bb en kb bestiet formeel de mooglikheid foar Fryske taal en kultuer yn de boppebou. Der is lykwols gjin sintraal eksamen en yn de praktyk wurdt it eksamen ek net oanbean.

Tabel 2: Oantal eksamenkandidaten Fryske taal en kultuer it jier (basearre op Ynspeksje fan it Underwiis, 2019 en DUO iepen ûnderwiisdata).

| Eksamenkandidaten Fryske taal en kultuer | tmbû gl en tl | hafû | twû |
|---|---|---|---|
| 2015 | 35 | 23 | 26 |
| 2016 | 59 | 23 | 21 |
| 2017 | 73 | 17 | 17 |
| 2018 | 88 | 29 | 21 |
| 2019 | 71 | 27 | 24 |
| 2020 | 86 | 28 | 24 |
| 2021 | 71 | 35 | 21 |
| 2022 | 64 | 54 | 33 |

De fokus yn it pû en de ûnderbou fû leit op it fieren fan petearen en oandacht foar taal en kultuer (Varkevisser & Walsweer, 2018). Skriuwen kriget in bytsje omtinken.

Foar de boppebou binne mar in beheind gegevens beskikber. By ferliking fan PTA's troch in groep boppeboudosinten blykt dat der sprake is fan lykmjittich ferdielde oandacht foar de ferskate taalfeardichheden (Wallinga & Hoekstra, persoanlike kommunikaasje, 12 oktober 2022). Oft de taalfeardichheden foar it meastepart yn gearhing of ferkavele oanbean wurdt is net bekend. It lektoraat Meartaligens en taalfeardigens fan NHL Stenden fiert op dit stuit (2022-2023) in ûndersyk út nei skriuwen by Fryske taal en kultuer yn de boppebou (https://www.nhlstenden.com/projecten/skriuw-it-mar).

Der binne skoallen dêr't leararen en learlingen ûnderling faak by ynformele mominten Frysk prate. De measte skoallen hawwe gjin ôfspraken oer de fiertaal

op skoalle. Op ûnder oare Taalryk scholen (meartalich fû-skoallen dy't yn it Nederlânsk, Ingelsk en Frysk ûnderwize) wurdt hjirop wol belied fierd. Frysk wurdt dêr as fier- en ynstruksjetaal ynset, neist Nederlânsk en Ingelsk. Sokke trijetalige skoallen gean út fan meartaligens fan alle learlingen en litte goede resultaten foar alle fakken sjen (Duarte, 2020).

## 2.3 Realisearre kurrikulum; de learopbringsten

De Ynspeksje fan it Underwiis (2019) die ûndersyk nei de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer sa't dat ûnderfûn waard. De learlingen dy't hjiroan meidienen foar it fû kamen foar it grutste part út it earste learjier en relatyf faak fan skoallen mei meardere ûntheffingen foar de kearndoelen. De mearderheid fan dizze learlingen jout oan dat se de lessen net leuk en net learsum fine. Kwa feardichheden fynt mear as de helte fan de fû-learlingen dat dy net ferbetteren troch de lessen Fryske taal en kultuer. De measte ferbettering sjogge sy sels foar lêzen en skriuwen. In protte learlingen wolle graach leare om better Frysk te praten en te ferstean. Fryskpratende learlingen wolle faak oandacht foar it learen om it Frysk better te skriuwen. Projekten dy't allinne gean om Fryske kultuer wurde troch de learlingen oer it algemien net sjoen as ûnderwiis yn it fak Fryske taal en kultuer (Ynspeksje fan it Underwiis, 2019).

It is net bekend hoe't learlingen yn de boppebou dy't Fryske taal en kultuer as karfak hawwe oer it fak tinke. Oer learopbringsten fan Fryske taal en kultuer yn de boppebou is neist eksamenútkomsten ek net folle bekend.

# 3. Probleemanalyze

Foar it fak Fryske taal en kultuer yn de boppebou spylje in pear swierrichheden, dy't te krijen hawwe mei:

- ferskillende perspektiven oer it doel en de aard fan it fak;
- grutte ferskillen tusken learlingen yn begjinsituaasje en motivaasje (ek fan âlden);
- it ûntbrekken fan in trochgeande learline;
- disbalâns yn it eksamen Fryske taal en kultuer;
- ûndúdlikens oer de easken dy't oan de taalfeardichheden steld wurde kinne.

De problemen wurde taljochte yn de neikommende fiif paragrafen.

## 3.1 Ferskillende perspektiven oer wêr't Fryske taal en kultuer yn de boppebou foar stiet

Fryske taal en kultuer kin om ferskate reden ûnderdiel fan it kurrikulum wêze, ûnder oare:

- It learen fan it Frysk draacht by oan it funksjonearjen yn de meartalige mienskip en op takomstige wurkplakken yn de regio dêr't Frysk praat wurdt.
- Frysk as memmetaal is wichtich foar de identiteitsfoarming, foar it ferwurkjen fan de learstof en as basis foar it learen fan oare talen.
- Fryske taal en kultuer kin foar alle learlingen bydrage oan harren meartalige identiteit en taalbewustwêzen.
- It fak Fryske taal en kultuer kin in rol spylje yn ferfolchopliedingen yn mbû, hbû en wû (tink bygelyks oan de learare-oplieding Fryske taal en kultuer). Hjir kin de boppebou fû Fryske taal en kultuer op tariede.
- It fak Fryske taal en kultuer is wichtich foar it behâld fan de Fryske taal. It brûken fan Frysk op skoalle is in rjocht fan learlingen.
- Kognitive foardielen fan it learen fan in frjemde taal, bygelyks metalinguistyske kennis, taallearstrategyen.

Helderens oer de fyzje op Fryske taal en kultuer op skoalle hat konsekwinsjes foar it learplan. Yn de hjoeddeiske situaasje is der gjin konsensus oer de fyzje op it fak Fryske taal en kultuer (Kurrikulum.frl, 2020). Foar de boppebou moat ek neitocht wurde wêr't learlingen it fak ta folgje. Meardere fan boppesteande punten kinne dêr in rol yn spylje.

## 3.2 Grutte ferskillen tusken learlingen yn begjinsituaasje en motivaasje

Der is in grutte fariaasje binnen de groep learlingen dy't Fryske taal en kultuer yn de boppebou kiest. Learlingen dy't fan hûs út Frysk prate binne bygelyks faak mûnling feardiger yn it Frysk as learlingen dy't dat net dogge. Learlingen ferskille ek yn motivaasje om Fryske taal en kultuer yn de boppebou te kiezen. Guon learlingen kieze it fak út yntrinsike motivaasje wei, wylst oare learlingen it

fak kieze om't se leaver gjin Frânsk of Dútsk hawwe. Frysktalige learlingen mei net folle talige oanlis kieze Frysk as eksamenfak om't dy taal ticht by harren leit. Om dizze ferskate groep in relevant oanbod jaan te kinnen is diversiteit yn it kurrikulum nedich.
Lykwichtige oandacht foar ferskillende domeinen fan taal en kultuer makket it kurrikulum ynteressant foar ferskate groepen. En dêrneist: hoe kinne nije eksamenprogramma's hânfetten biede foar skoallen om de eigen fyzje op Fryske taal en kultuer skerp te stellen en oan te sluten by harren learlingen?

## 3.3 Trochrinnende learline nei boppebou fû ûntbrekt

It grutte ferskaat tusken learlingen yn behearsking fan it Frysk freget fan leararen goed sicht op it ferskil yn taalbehearskingsnivo's yn harren klassen. Oft leararen op dit stuit oanslute by it nivo fan de learlingen of dêr rekken mei hâlde, is net dúdlik. Ut it ûndersyk fan de Ynspeksje fan it Underwiis (2019) komt in wikseljend byld nei foarren. De aktualisaasje fan it kurrikulum Fryske taal en kultuer soe derta liede moatte dat leararen harren better stipe fiele yn it differinsjearjen troch in heldere trochrinnende learline fan pû nei ûnderbou nei boppebou fû.

Op dit stuit besteane der wetlike kaders dy't net dúdlik op elkoar oanslute. De kearndoelen yn it pû binne foar alle learlingen yn Fryslân skreaun. Yn de kearndoelen foar fû is foar in part fan de kearndoelen ûnderskied makke foar Fryksprekkers en net-Fryksprekkende learlingen. De kearndoelen binne globaal fan aard en beskriuwe wat in skoalle minimaal oanbiede moatte soe. De eintermen jouwe dêr foaroer de behearsking oan en de syllabus is dêr krekt hiel detaillearre by útwurke sûnder ûnderskied foar Fryksprekkenden en learlingen mei Frysk as twadde of tredde taal. Foar in trochgeande learline is it winsklik dat de ferskate kaders op elkoar ôfstimd wurde.
Foar de boppebou fan it fû is it fan belang dat it fak Fryske taal en kultuer yn it pû en de ûnderbou fan it fû struktureler oanbean wurdt (dus minder/gjin ûntheffingen), sadat der in mear mienskiplike basis foar Fryske taal en kultuer yn de boppebou oanlein wurdt.

## 3.4 Disbalâns yn it eksamen Fryske taal en kultuer

Yn it sintraal eksamen wurdt de lêsfeardigens fan learlingen toetst. Lêsfeardigens bepaalt dus foar in grut part it einsifer. Yn in rieplachting ûnder boppeboudosinten Fryske taal en kultuer waarden hjiroer krityske fragen steld (Wallinga & Hoekstra, persoanlike kommunikaasje, 12 oktober 2022). Slút it relatyf grut part lêzen yn it eineksamen oan op it mûnlinge taallânskip yn Fryslân, wêr't it Frysk benammen yn funksjonearret as sprektaal? Wat betsjut dit foar learlingen dy't minder goed yn lêzen binne?

In nij eksamenprogramma kin mei klam stimulearje dat leararen lykwichtich oandacht hawwe foar alle domeinen fan taal en kultuer. Te min tiid spilet op dit

stuit in rol: der wurdt tiidkrapte ûnderfûn om oan alle domeinen fan taal en kultuer foldwaande oandacht te besteegjen.

## 3.5 Undúdlikens oer de easken oan taalfeardigens

Om't Fryske taal en kultuer yn de ûnderbou fan it fû beperkt oanbean wurdt en troch it ûntbrekken fan trochgeande learlinen, binne de mooglikheden foar de boppebou fan it fû beheind. Sa as earder neamd binne der ferskillen tusken yn taalfeardigens tusken learlingen dy't fan thús út Frysk sprekke en guont dy't dat net dogge. Under fan thús út Frysktalige learlingen bestiet faak ek nivoferskil: tusken dyjinge dy't thús Frysk brûken bliuwe en sy dy't dat net mear dogge. Boppedat ûnderfine leararen ferskillen tusken learlingen út gesinnen dêr't Frysk in hege status hat en learlingen dy't dat sa net meikrije. It Frysk dat learlingen thús brûke, gauris mongen mei Nederlânsk, wykt ek ôf fan it standarisearre Frysk dat learlingen op skoalle leare. Dat allegearre leveret in komplekse situaasje op en ropt de fraach op hoe om te gean mei behearskingsnivo's fan taalfeardigens.

Dit jildt ek foar skriuwen, wat meastal nij is foar sawol Frysksprekkende as net-Frysksprekkende learlingen. Skriuwe kin in ympuls wêze foar de ûntwikkeling fan taalfeardigens en in bydrage leverje oan identiteitsfoarming en freget dêrom in dúdlik plak yn it kurrikulum. Skriuwe yn it Frysk is lykwols net fanselssprekkend foar learlingen. Oersetapps en -tools kinne learlingen helpe by it skriuwen en oanslute by by de hjoeddeistige realiteit en digitale taalûntjouwing. Sjenres rjochte op ekspresje passe yn de daaglikse kulturele- en taagebrûkspraktyk fan de measte learlingen. Hjir lizze oandachtspunten foar de fakfernijingskommisje.

# 4. Untjouwingen

## 4.1 Maatskiplike ûntjouwingen

### 4.1.1 Taalsituaasje yn Fryslân

"Hoewol't it tal learlingen dat Frysk grutbrocht wurdt tebek rint, seit noch hieltyd in romme mearderheid fan de learlingen yn Fryslân yn it pû en fû dat se Frysktalich binne." (Ynspeksje fan it Underwiis, 2019, p. 30). Hast alle ynwenners fan Fryslân jouwe oan de Fryske taal frij aardich oant hiel goed ferstean te kinnen (Provinsje Fryslân, 2020). Hast trijekwart fan de Friezen kin de taal frij aardich oant goed sprekke. Dit presintaazje is de ôfrûne jierren stabyl bleaun.

Wat mear as de helte fan de ynwenners fan Fryslân kin de Fryske taal goed oant hiel goed lêze. Mar in lytse groep seit it Frysk goed oant hiel goed skriuwe te kinnen. It tal Friezen dat Frysk lêze en skriuwe kin is it ôfrûne desennium in bytsje tanaam. Foar it skreaune Frysk yn it ûnderwiis wurdt Standertfrysk hantearre. Sprekkers fan it Frysk binne harren oer it algemien bewust fan it bestean fan dizze standert, mar binne der faak net mei bekend.
Yn 2019 waard oan âlden frege hokker taal harren bern it meast brûkten (Provinsje Fryslân, 2020). 38,5% joech oan dat it Frysk meastal de fiertaal is fan syn of har bern ûnderling. De mearderheid (57,6%) fan de bern praat meastal Nederlânsk. Der is dêrby sprake fan regionale ferskillen. Ynwenners mei in migraasjeachtergrûn leare Frysk as tredde taal út in oare memmetaal as it út Nederlânske wei. Dy groep is sûnt 2014 - 2015 groeid (Ynspeksje fan it Underwiis, 2019, p. 19).

Koartsein, yn Fryslân wurdt permanint fan meardere talen útgien. Dy talige diversiteit biedt kânsen om de Fryske taal en kultuer oan te bieden út in meartalich perspektyf wei (sjoch 4.2.2).

### 4.1.2 Bestjoersakkoart en Taalplan 2030

Yn it bestjoersakkoart tusken de oerheid en de provinsje Fryslân waard de ambysje fêstlein dat yn 2030 Fryslân "in meartalige provinsje [is] dêr't it fak Frysk yn it kurrikulum, mar ek as omgongs- en ynstruksjetaal yn it ûnderwiis fanselssprekkend is" (Ryksoerheid, 2018, p. 13). Dêr folget út dat de skoallen yn it Fryske taalgebiet yn 2030 achte wurde alle kearndoelen oan te bieden en dus gjin ûntheffing mear te ferlienen foar bepaalde kearndoelen. It Fryske taalgebiet betreft alle Fryske gemeenten mei útsûndering fan de Waadeilannen en de gemeente Weststellingwerf, om't yn dizze gebieten fanâlds net Frysk praat wurdt.

Gjin ûntheffing betsjut dat alle skoallen kearndoelen Fryske taal en kultuer oanbiede moatte. Fia Taalplan 2030, in gearwurking tusken de provinsje Fryslân en in grut tal partners, wurdt wurke oan de útfiering fan dat belied. Taalplan

stipet skoallen yn gearwurking mei partners om it ûnderwiis yn it Frysk te ferbetterjen troch profesjonalisearring, stipe en learmiddels.
Neist it oanbieden fan alle kearndoelen yn it pû en de ûnderbou fan it fû, is ek it útwreidzjen fan de eksamenmooglikheden Fryske taal en kultuer in ambysje út Taalplan 2030. It stribjen is dat yn de takomst learlingen op alle fû-skoallen yn Fryslân Fryske taal en kultuer yn de boppebou kieze kinne. Ekstra oandacht foar it skriuwen is ek in ambysje. De hege ambysjes fan Taalplan 2030 wurkje yn de praktyk stimulearjend. Der wurde in protte learmiddels ûntwikkele en der binne ferskate skoallingstrajekten úteinset.

### 4.1.3 Taal en status

Untjouwingen oangeande it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer kinne net lossjoen wurde fan kwestjes oer de status fan de taal. Frysk is in offisjele rykstaal, mar it Nederlânsk is yn in protte opsichten dominant. De posysje fan it Frysk as 'minderheidstaal' (sjoen it persintaazje sprekkers yn Fryslân faaks better as 'minoritized language' te beneamen) hat gefolgen foar de motivaasje fan learlingen, âlden en skoallen. Learlingen soenen neffens fêstigingsdirekteuren benammen foar Ingelsk en Nederlânsk motivearre wêze (Ynspeksje fan it Underwiis, 2010). Motivaasje foar Frânsk en Dútsk is neutraal en foar Frysk it leechst, neffens dizze fêstigingsdirekteuren. It is hjirby net dúdlik oft, dan wol yn hokker mjitte it leargebiet Fryske taal en kultuer as folweardige karmooglikheid oan takomstige boppeboulearlingen oanbean wurdt. Brekme oan populariteit is op sosjale media net merkber; jongerein brûkt it Frysk wol deeglik as fiertaal op sosjale media (Jongbloed-Faber, 2019) en yn de muzyk. It erkennen fan de thústaal yn it ûnderwiis en de mooglikheid om kennis oer de Fryske taal op te dwaan, kin soargje foar wurdearring foar de Fryske taal en kultuer en oan de motivaasje om oan it behâld fan de Fryske taal en kultuer bydrage te wollen.

It feit dat der leararen sûnder foech lessen Fryske taal en kultuer jouwe is net geunstich foar de status fan it fak. Yn de skoalle is Fryske taal en kultuer meastentiids in lyts fak. Leararen Fryske taal en kultuer steane der dus regelmjittich allinne foar yn de skoalle.
Koartsein, juridysk binne Nederlânsk en Frysk lykweardich, mar yn de praktyk is de situaasje net gelyk. It is oan skoallen om op beliedsnivo it fak Fryske taal en kultuer yn posysje te bringen.

## 4.2 Untjouwingen yn it ûnderwiis en it fak

### 4.2.1 Trije doeldomeinen foar it ûnderwiis

It Ministearje fan OCW hat in lanlike fyzje foar it ûnderwiis opsteld (OCW, 2021). Dy rasjonale foar de aktualisaasje fan kearndoelen en eksamenprogramma's giet út fan fan in breed kurrikulum mei romte foar alle trije de doeldomeinen: kwalifikaasje, sosjalisaasje en persoansfoarming. De

aktualisaasje fan it eksamenprogramma Fryske taal en kultuer tsjinnet fan dizze rasjonale út foarm te krijen. Der binne in protte oanknopingspunten om neist kwalifikaasje ek persoansfoarming en sosjalisaasje út Fryske taal en kultuer wei foarm te jaan.

Dêr giet it by om fragen as: wat betsjut de Fryske taal en kultuer foar my as persoan en hoe ferhâld ik my ta it sprekken fan Frysk en it sprekken fan Frysk troch minsken om my hinne? Hoe wol ik diel útmeitsje fan de Fryske mienskip? Wat betsjut de Fryske taal en kultuer foar de Fryske mienskip? Hoe gedraach ik my yn in meartalige omjouwing?

### 4.2.2 Meartaligens as foardiel en boarne foar learen

Troch de tanimmende oandacht foar meartaligens kin ek op in nije wize nei de Fryske taal en kultuer sjoen wurde. In meartalich perspektyf giet út fan taallearders dy't gebrûk meitsje fan harren meartalich repertoire om nije talen te learen en te begripen. It slút dêrby oan op wizen dêr't minsken taal op brûke. Lykweardigens fan talen stiet dêrby foarop.

Troch te wurkjen oan taal- en kommunikaasjebewustwêzen ûntwikkelje learlingen sensiviteit en in iepen hâlding foar talige diversiteit oer. Didaktyk fan meartalich ûnderwiis is in middel om ûnderwiis foar alle learlingen te ferbetterjen (Duarte, 2020). Ut dit perspektyf wei is it passend om Fryske taal en kultuer mear yntegrearre yn it kurrikulum oan te bieden, ynstee fan in strikt apart fak. It lektoraat Meartaligens en taalfeardigens fan NHL Stenden Hegeskoalle hat metoaden ûntwikkele om ûnderwiis út in meartalich perspektyf wei oan te bieden. Der kin sjoen wurde hokker aspekten fan meartaligens in plak yn de lanlike doelen krije kinne.

### 4.2.3 Kurrikulum.frl

Fryske taal en kultuer makket gjin diel út fan curriculum.nu, it lanlike trajekt dat laat hat ta de ûntwikkeling fan fyzjes, grutte opdrachten en boustiennen foar it kurrikulum fan njoggen leargebieten pû en ûnderbou fan it fû. Yn 2018 naam de provinsje it foartou ta it ûntwikkeljen fan in fyzje, grutte opdrachten en boustiennen foar fernijing fan it kurrikulum Fryske taal en kultuer yn it pû en de ûnderbou fan it fû (Kurrikulum.frl). Der waarden fjouwer grutte opdrachten formulearre:

- Identiteit & taal yn beweging: ferkenning fan de Fryske taal en meartalich taalbewustwêzen; oer de wearde fan de Fryske taal foar de learling en foar oaren. Draacht by oan persoansfoarming en sosjalisaasje.
- It is al begûn: de Fryske taal leare en brûke. Feardichheden yn sprekken, harkjen, kommunisearjen, lêzen en skriuwen. Draacht by oan kwalifikaasje.

- Sjoch om ‘e hoeke: Fryske taal en kultuer yn it no, it ferline en de takomst. Taal as drager fan kultuer. Draacht by oan kwalifikaasje, sosjalisaasje en persoansfoarming.
- Sin’ en wille: taalkeunst & taalwille. Draacht by oan persoansfoarming en kwalifikaasje.

Dy fjouwer grutte opdrachten binne dus streekrjocht ferbûn mei de trije doeldomeinen kwalifikaasje, sosjalisaasje en persoansfoarming. De grutte opdrachten hingje ek gear mei de grutte opdrachten fan de oare leargebieten sa as beskreaun yn curriculum.nu. Ferskate aktoaren, wêrûnder learlingen, binne hifke oer de boustiennen dy’t ûntwikkele binne. De reaksjes wienen oer it algemien posityf.

Foar de boppebou binne der advizen formulearre. Advisearre wurdt om troch te bouwen op de fjouwer grutte opdrachten. It giet dan bygelyks om it kontinuearjen fan it bewustwêzen oer it Frysk as ûnderdiel fan it meartalich repertoire, it oanskerpjen fan de taalfeardichheden, ûndersyk dwaan nei taalfariëteiten, it rieplachtsjen fan digitale boarnen sa as de foarkarwurdlist, yn de kunde komme mei Fryske instituten, leare dat je Fryske studearje kinne en reflektearje op kultureel erfgoed.

### 4.2.4 Untwikkelingen yn de oare taalfakken

Foar Nederlânsk en de moderne frjemde talen wurdt pleite foar yntergrearre taalûnderwiis wêr’t taaldomeinen (en kultuer) net los fan elkoar yn ûnderwiisd wurde, mar yn gearhing, yn funksjonele taken en rike konteksten (Herder et al., 2021; Fasoglio & Tammenga, 2021). Dizze ûntjouwing is ek relevant foar Fryske taal en kultuer.

Dêrneist wurde nije ynhâlden beskreaun: taalbewustwêzen en kreative teksten. Taalbewustwêzen befoarderet de kommunikative feardichheden fan learlingen (Fasoglio & Tammenga, 2021). Learlingen soenen kennis fan taal en refleksje op taal ynsette kinne moatte by it kommunisearjen, binnen in taal en cross-linguïstysk.

It wurkjen mei kreative teksten, wêrûnder literatuer, kin ek befoarderjend wurkje foar it learen fan in taal en romte jaan oan learen oer kultuer (Fasoglio & Tammenga, 2021). Eigen kreative ekspresje kin dêr in rol by spylje. Der kin sjoen wurde oft aspekten fan taalbewustwêzen en kreative ekspresje in plak yn it kurrikulum foar Fryske taal en kultuer yn de boppebou fû krije kinne.

### 4.2.5 ERK en Referinsjeramt Frysk (rrF)

Yn 2015 waard in referinsjeramt foar Frysk oplevere (Referinsjeramt Frysk, Meestringa & Oosterloo, 2015) dêr’t foar de domeinen petearen fieren, sprekken, harkjen, skriuwen en lêzen nivo’s yn beskreaun binne, basearre op it

ERK foar moderne frjemde talen. Op grûn dêrfan kin it taalnivo Frysk ynsichtlik makke wurde. Yn 2020 is in aktualisearre ferzje fan it ERK útkaam. Yn dizze ferzje is ûnder oare de meartalige wurkwize fierder útwurke. It ERK en Referinsjeramt Frysk bliuwe wichtige kaders foar it formulearjen fan nivo's fan behearsking foar it nije eksamenprogramma.

# 5. Kurrikulêre útdagingen

Ut de foargeande probleemanalyze en ûntjouwingen komme útdagingen nei foarren foar it ûntwikkeljen fan it nije eksamenprogramma Fryske taal en kultuer.

1. *Meitsje helder wat de funksje fan Fryske taal en kultuer yn it kurrikulum yn de boppebou is*

Wichtich is dat der in heldere fyzje is as basis foar it eksamenprogramma. Wêrta leare learlingen Fryske taal en kultuer yn de boppebou fan it fû? Hoe ferhâldt him dit ta de fyzje oangeande de ûnderbou? De fyzje kin liede ta in nije balâns oangeande de domeinen yn it eksamenprogramma. De fyzje moat útwurke wurde foar tmbû, hafû en twû en de ûnderlinge ferskillen tusken de programma's fan de learwegen yn it tmbû.

2. *Balâns en yntegraasje fan domeinen fan taal en kultuer*

Yn it ferlingde mei it earste punt: ôfhinklik fan de fyzje kinne sosjalisearjende en persoansfoarmjende funksjes fan it ûnderwiis mear romte krije. Dat kin ek liede ta in fyzje op hoe't dit dan (sintraal) toetst wurde moat. De balâns tusken de domeinen fan taal is likegoed punt fan diskusje. Hoe passend is de tsjintwurdige neidruk op lêzen yn it eksamen? Mear romte foar mûnlige taalfeardigens liket winsklik. Foar skriuwen is de fraach wat helber en winsklik is.
Ferbiningen tusken domeinen fan taal en kultuer kinne mooglik eksplisiter makke wurde, sadat der mear stipe is om Fryske taal en kultuer yntegrearre yn funksjonele taken oanbod komme te litten.

3. *Kânsen oangripe dy't meartaligens biedt*

De meartalige mienskip is in feit. Fryske taal en kultuer út in meartalich perspektyf wei liket in kânsrike en eigentiidske opsje om it ûnderwiis foarm te jaan. De fakfernijingskommisje kin him oriïntearje op hoe't ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer út in meartalich perspektyf wei yn de boppebou fan it fû der út sjen kin. En wat betsjut dit foar de gearhing mei oare leargebieten? Kin it Frysk bygelyks mear benut wurde as fiertaal en by oare fakken? En hoe kin hjirta stipe bean wurde?

4. *Hege doelen foar alle learlingen*

It is winsklik om alle learlingen útdagingen yn de Fryske taal en kultuer te bieden. It oanbod moat útdaagje, mar wol helber wêze. Fanwege de heterogene doelgroep is dat in wichtich punt. Der soe sjoen wurde kinne nei de kurrukula fan de moderne frjemde talen: hokker oanpak wurdt dêr hantearre? Der moat dêr ek oandacht by wêze foar de nijere doelgroep fan learlingen dêr't Nederlânsk noch Frysk de thústaal foar is.
As lêste hinget der in soad ôf fan de karren dy't oangeande de kearndoelen makke wurde.

5. *Trochgeande learline*

As wy wolle dat learlingen harren echt ûntwikkelje yn Fryske taal en kultuer, dan binne trochgeande learlinen needsaaklik (Riemersma & Jonkman, 2011). Foar de boppebou betsjut soks dat der oansletten wurde moat op de kearndoelen dy't foar de ûnderbou fan it fû ûntwikkele wurde.

6. *Ofstimme mei de nije doelen foar Nederlânsk, MVT en klassike talen en kultueren*

Foar de gearhing yn it kurrikulum is it winsklik ôf te stimmen op de kearndoelen en eksamenprogramma's Nederlânsk, moderne frjemde talen en klassike talen en kultueren. Hokker plak nimt Fryske taal en kultuer yn tusken dizze leargebieten? Wichtige aspekten foar dizze fakken binne: meartaligens, taalbewustwêzen en kultuerbewustwêzen. Dy aspekten soenen op in ferlykbere wize yn doelen foar Fryske taal en kultuer útwurke wurde moatte. Sy biede tagelyk mooglikheden om der ek fakoerstiigjend oan te wurkjen.
Untjouwingen dy't sintraal steane binnen it fak Nederlânsk en de moderne frjemde talen, kinne ek foar Fryske taal en kultuer jilde. Tink oan gearhing tusken domeinen fan taal en kultuer, ûntjouwingen oangeande begripend lêzen wêrby't lêsstrategyen mear as middel sjoen wurde (ynstee as doel op himsels), oandacht foar literatuer, lêsmotivaasje en lêswille, oandacht foar digitale teksten en de ekspressive, kreative funksje fan taal en eksperimintearje mei taal (sjoch Herder, et al., 2021; Fasoglio & Tammenga, 2021).

# 6. Referinsjes

Cedin (2023). Startnotitie Kerndoelen Friese taal en cultuur. Cedin.
Duarte, J. (2020). Troef of trend. Actuele ontwikkelingen in de meertaligheidsdidactiek. Inaugurele rede. NHL Stenden Hogeschool.

Fasoglio, D. & Tammega, M. (2021). Startnotitie Moderne Vreemde Talen. Bovenbouw voortgezet onderwijs. SLO.

Herder, A., Van Silfhout, & Jansen, I. (2021). Startnotitie Nederlands. Bovenbouw voortgezet onderwijs. SLO.

Inspectie van het Onderwijs (2010). Tussen wens en werkelijkheid. Besjoen op 9 desimber 2022, fan https://www.onderwijsinspectie.nl/documenten/rapporten/2010/11/24/tussen-wens-en-werkelijkheid

Inspectie van het Onderwijs (2019). Sizzen is neat, mar dwaan is in ding. Fries in het primair en voortgezet onderwijs. Besjoen op 9 desimber 2022, fan https://open.overheid.nl/repository/ronl-56eac94e-183c-4215-b646-250614b7e4fc/1/pdf/themarapportage-fries-in-het-primair-en-voortgezet-onderwijs-versie-in-nederlandse-taal.pdf

Jongbloed-Faber, L. (2019). Frisian on social media: the vitality of minority languages in a multilingual online world. Dissertatie. Universiteit van Maastricht.

Kurrikulum.frl (2020). Preambule, visie, grote opdrachten, bouwstenen. Toelichting. Cedin. Besjoen op 9 desimber 2022, fan Kurrikulum.frl https://www.kurrikulum.frl/nl

Meestringa, T. & Oosterloo, A. (2015). Referinsjeramt Frysk. Afûk.
OCW (2021). Bijstelling concept examenprogramma's voor vmbo, havo en vwo.

Werkopdracht aan SLO. Besjoen op 9 desimber 2022, fan https://www.slo.nl/publish/pages/18819/werkopdracht.pdf

Provincie Fryslân (2020). De Fryske Taalatlas 2020; De Friese taal in beeld. Besjoen op 9 desimber 2022, fan https://friesland.databank.nl/report/Taalatlas%202020%20%28Fries%29.pdf

Provincie Fryslân (2021). Projectplan Taalplan Frysk 2030. Besjoen op 9 desimber 2022, fan https://taalplan.frl/wat-is-taalplan-frysk

Riemersma, A. & Jonkman, R. (2011). Uitdaging voor lectoraat Fries en meertaligheid. Aansluiting tussen meertalig basisonderwijs en meertalig voortgezet onderwijs. Levende Talen Magazine, 3, 26-30.

Rijksoverheid (2018). Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023. Besjoen op 9 desimber fan https://www.rijksoverheid.nl/documenten/convenanten/2018/11/30bestjoersofspraak-fryske-taal-en-kultuer-2019-2023

Van Ruijven, B., & Ytsma, J. (2008). Trijetalige Skoalle in Fryslân, onderzoek naar de opbrengsten van het drietalige onderwijsmodel in Fryslân. Fryske Akademy, Leeuwarden.

Varkevisser, N.A. & Walsweer, A.P. (2018). It is mei sizzen net te dwaan. Rapport Taalplan Frysk. Inventarisatie naar de stand van zaken m.b.t. het (vak) Fries in het primair en voortgezet onderwijs. Provinsje Fryslân.

Als landelijk expertisecentrum richt SLO zich op de ontwikkeling van het curriculum in het primair, speciaal en voortgezet onderwijs in Nederland. We werken met het onderwijsveld aan de doelen, kaders en instrumenten waarmee scholen hun opdracht vanuit een eigen visie kunnen vervullen.

We brengen praktijk, beleid, maatschappelijke ontwikkelingen en onderzoek samen en stellen onze expertise beschikbaar aan onderwijs en overheid, bijvoorbeeld in de vorm van leerplannen, tools, voorbeeldlesmaterialen, conferenties en rapporten.

slo

**Bezoekadres**
Stationsplein 1
3818 LE Amersfoort

**Postadres**
Postbus 502
3800 AM Amersfoort

**T** +31 (0)33 484 08 40
**E** info@slo.nl
**W** www.slo.nl

company/slo
SLO_nl